


O F R Y S K E
G R Û N



WATZE
VAN
DER WAL

SIERADEN

MEESTERGOUDSMID

Altijd een stukje
Fryslân om je hals?
In deze hangertjes
is echte Fryske
aarde verwerkt!

Te koop in onze
winkel in Joure of via
pompebledsjes.nl

MIDSTRAAT 1, JOURE WATZEVANDERWAL.NL

2025
2026


RYSK SELSKIP SWOL

Oan

Jiergong

54

Lede-administraasje: Brethouwerstraat 15,
8043 AZ Zwolle



oprjochte 8 febrewaris 1899



DE GRAAF

PIANO'S & VLEUGELS


VERKOOP EN VERHUUR



Sinds 1951 het adres voor

STEMMEN EN ONDERHOUD

Hanekamp 8 8023 TH Zwolle, telefoon (038) 453 55 87
info @degraafmuziek.nl



BESTJOER

foarsitter	Jan Bosgraaf	Smitserf 42 7951 JG Staphorst
	janendjoke@home.nl	/ 0522 464718 / 06 14268993
2° foarsitter / 2° ponghâlder	Henk Monkel	Gentiaan 23 7721 HA Dalfsen
	henmmonkel@kpnmail.nl	/ 0529 433175 / 06 30888376
skriuwer	Jolanda Lootens	Brethouwerstraat 15 8043 AZ Zwolle
	jolandalootens@live.nl	06 47585240
ponghâlder	Sjoerd Bakker	Koelmansstraat 10 7722 LX Hoonhorst
	sdabakker@outlook.com	/ 0529 401683 / 06 57255999
2° skriuwer	Jan-Tjerk Kuipers	Mandenmakershoek 5 8131 CZ Wijhe
	jantjerkkuipers@gmail.com	/ 0570 522329 / 06 42275636
lid	Annet Nieuwenhuis – Kokké	Schuttevaerkade 103 8021 HD Zwolle
	annetnieuw@planet.nl	/ 038 4537836

Lede-administraasje

Jolanda Lootens Brethouwerstraat 15, 8043 AZ Zwolle 06 47585240

IBAN rekkennûmer

NL95 RABO 0377 3373 66 op namme fan Frysk Selskip Swol

KONTAKTPERSOANEN

Dalfsen	frou F. Smits	Vechtoever 11	06 53645726
Hattem	frou W. Steenbeek - Boschma	Hendrikjesweg 46	038 4442894
Kampen	frou J. Wiegiersma	Nijverheidsstraat 11	06 19506520
Wezep	hear K. IJtsma	Scheerderslaan 8	038 3769007
Wijhe	hear F. Kunst	Stationsweg 28	0570 521931
Zwolle			
Aalanden	frou B. Ypenga	Potmarge 29	038 4537164
Berkum	hear J. van Slageren	Lorentzlaan 34	038 4529353
Binnenstêd, Dieze en Veerallee	fam L. Nieuwenhuis	Schuttevaerkade 103	038 4537836
Holtenbroek	frou H. Osinga	Händellaan 359	06 44440759
Stadshagen	frou J. Lootens – Berg	Brethouwerstraat 15	06 47585240
Westenholte en Spoolde	hear H. van der Zee	Bouwkampaan 6	038 4223588
Wipstriik	frou W. de Vries - Boersma	Carry van Bruggenstraat 25	038 4543033
Zwolle – Súd	hear G. Jellema	Westerbergmate 49	038 4657561

MEIDIJELINGEN BLEED FAN IT

FRYSK SELSKIP SWOL

Jiergong 54
nûmer 1

Oprijochte 8 febrewaris 1899

wynmoanne 2025

IN NIJ WINTERSKOFT

It liket noch mar koart lyn, dat we elkoar in moaie simmer tawinsken. Wat it waar oangiet is dy winsk útkaam. Wy hiene hiel moaie, sinnige en waarme riten. Bytiden faaks wat te waarm, om't wy genetysk net goed op temperatueren boppe de tritich graden ynsteld binne. Mar dêr kleie wy net oer. Want mei kliemen en kleien is neat te bedijen.

Wat is der yn it ôfrûne healjier in soad bard. De hiele wrâld (no ja, in grut part) is yn opskuor troch oarlozen ensfh. en machthawwers dy't it paad folslein bjuster lykje te wêzen. Mei ferbjustering hearre en sjogge wy it oan. Yn ús lân lûke hiele koalysjepartijen harren werom út it regear om't yn twa gefallen ien man syn sin net krijt, of alteast net foarinoar krijt wat er graach wol. No mar ôfwachtsje wat der op 29 oktober út 'e bus komt. Of wurdt it in spultsje fan de 'knyn út 'e hege hoed'? Neist de problematyk fan asylsikers en wenningneed, de klimaat- en stikstofkrisis, rinne der in pear probleemwolven yn ús lân om; Bram en Hubertus. As dy bisten in namme hawwe, klinkt it wat minskliker. Elk hat in miening oer dizze en noch folle mear saken. It liedt faker as ien kear ta konflikten yn famylje- en/of freonerûnten. Minsken dy't foarhinne oates en toates mei-inoar wiene, prate net mear mei-inoar en sjogge inoar net mear oan. It swart-wyt tinken slacht foar master op. Spitich, spitich en nochris spitich! Wêr binne akseptasjes, respekt en it sûne ferstân bleaun?

Om tichter by hûs te bliuwen, yn ús eigen libben wikselen wille en fertriet inoar ôf. It binne twa utersten dy't faak ticht byinoar lizze en yn elk minskelibben op ferskillende wizen ta utering komme. Immen ferlieze dy't jin nei oan it hert leit, konfrontearre wurde mei sykte of ûngemak, in houliksjubileum fiere, tsjûge wêze fan in houlik tusken twa (meastal jonge) minsken, in lytse poppe yn 'e earms hâlde, âlde freonen moetsje of minsken dy't foar't earst op dyn paad komme, ferhúzje, fakânsje hâlde of in fiere en moaie reis meitsje en gean sa mar troch.

Nei alles wat der bard is, leit in nij winterskoft wer foar ús. **Freed 24 oktober** sette we útein mei de ledegearkomste (sjoch de middenside). Om't it ledetal én it opkomstpersintaasje tebek rinne, binne wy tige benijd hoefolle flecht der op 'e koai wêze sil. Graach oant sjen.



Jan Bosgraaf (foarsitter)

Net stinne! Der hinne!

FLEURICH BESLUT 2024-2025

*freed 28 maart 2025 yn 'De Weijenbelt'
mei trûbadoer **Adri de Boer**
43 minsken oanwêzich*



Lykas wenst sjogge wy hjir koart werom op ús lêste gearkomste. Yn dit gefal op freedtemiddei 28 maart 2025. Doe sleaten wy it winterskoft 2024-2025 muzikaal ôf mei in optreden fan trûbadoer Adri de Boer. Adri sjongt, neist moaie eigen lieten, wêrfan de measte mei in boadskip, ek oersettingen fan lieten fan Jacques Brel, The Beatles, John Denver en Stef Bos. Bygelys op syn nijste CD 'Letter' it bekende liet 'Papa' fan Stef Bos, dat yn it Frysk fansels 'Heit' wurden is. Dêrby begeliedt Adri himsels op gitaar en piano. It rûn

de oanwêzigen as lij wetter yn 'e earen. Nei ôfrin bleau in moai tal leden noch efkes neipraten. Dan wurdt der yn beskate gefallen wol sein, dat it 'nei ôfrin noch lang ûnrêstich bleau', mar yn ús gefal bleau it noch lang gesellich, noflik en smûk. Sa'n middei is foar werhelling fetber.

(JB)



(ferfolch fan side 14)

Neist stêden, doarpen en buorskippen hawwe gruttere gebieten ek bynammen krige. It meast bekend binne de 'wâldpiken' (bewenners fan de Fryske wâlden), 'klaaikluten' (de Bouhoeke), 'bilkluten' (It Bilt) en 'steilearen' (Gaasterlân). Ynwenners fan de buorskip De Miente by Noardwâlde waarden yn it Stellingwerfsk 'huteproesters' neamd. Eartiids stiene der spitkeetsjes yn De Miente, dêr't de reek fan de kachel net goed út komme koe. De bewenners kamen dan hoastjend en prústend harren hut út.

In soad by-/spotnammen ferwize nei eigenskippen dy't ynwenners hawwe soene. Achlumers hawwe in koart lontsje en hjitte dêrom 'fjoerskiters'. Arumer 'katten' wiene falks en finnich, de 'eksters' fan Pitsersbierrum brutaal, de 'gleonkoppen' fan Feanwâlden gau liik en de 'poehoannen' fan It Hearrenfean stiene bekend as swetsers.

Jirnsumers steane bekend as 'katteknepplers'. Eartiids moat der op de Jirnsumers merke oan kattekneppljen dien wêze. Dêrby waard in kat yn in tonne set, dy't men oan in tou ophong. Jongelju smieten dan om beurten in kneppl tsjin de tonne, oant er bruts en de kat yn panyk útnaaide. Yn Jirsum stiet it byld 'De Jinsumer kat' fan Aagje Pool.



Foto: Ytzen - eigen wurk. CCBY-SA

Op deselde wize steane minsken yn Risumageast bekend as hûnewippers', in nochal dierûnfreonlik gebrûk, wêrby't hûnen mei in tou omheech slingere waarden.

Der binne ek spotnammen dy't nei de tsjerke ferwize. Deinumers binne 'sipels' om't harren tsjerketoer de foarm fan in sipel hat. En Wûnzers binne 'teebussen', om't de tsjerketoer op in teebus liket. Balksters wiene 'skierroeken', om't se yn swarte klean nei tsjerke giene, krekt sa swart as in skierroek.

Oare nammen ferwize nei guod dat der makke waard/wurdt, lykas Jouster 'keallepoaten' (koeke) of Lollumer 'stippers' (stip is in saus). Mar ek nei de tylt by in plak, lykas de 'woartels' fan Nijewier, 'raapkoppen' fan Sint Anne en 'koalrapen' fan Tersoal.

Hoewol't in soad nammen net al te freonlik binne, brûke guon doarpen harren bynamme as in geuzenamme. Sa lieten Hijumers in kikkert weromkomme yn harren doarpswapen, om't se 'kikkerts' neamd wurde. Dronryp hjit mei karnaval 'Oksedoarp' om't de ynwenners 'oksen' neamd wurde. En it muzykfestival yn Rinsumageast stiet bekend as 'Hûnewipperrock'.

Google-je op 'fryske bynammen' en jo komme op 'e webside fan Omrop Fryslân, dêr't jo fan folle mear plakken de bynammen fine. Dat wie ek de boarne fan dit stikje.

(JB)



**De
Fryske
Beweging.**
sûnt 1945

De Fryske Beweging is de organisaasje foar minsken dy't wiis binne mei Fryslân en dy't har ynsette foar mear romte foar it Frysk en de Fryske kultuer.

De Fryske Beweging (DFB) is dwaande mei tal fan saken dy't fan belang achte wurde foar

it fuortsterkjen fan de posysje fan it Frysk. DFB is mei-organisator fan de Fedde Schurerlêzing. Fierder rikt DFB ien kear yn 't jier de Fear yn 'e Broek út en wurde no en dan Plombrieven stjoerd nei persoanen of ynstânsjes dy't har op in bysûndere wize ynsette foar it Frysk. Sjoch op **Goeie.frl** foar nijsgjirrich nijs oer alles wat mei Fryslân en de Fryske taal en kultuer te krijen hat. Under it biewurd *'Foar de rykdom fan Fryslân'*.



In bynamme is in ekstra namme dy't minsken jûn wurdt of brûke neist de eigen namme. In bynamme is wat oars as in skelnamme. Dy lêste is misledigjend en kwetsend. Wy kenne allegearre wol minsken mei in bynamme. Yn myn berne-/jongereinjierrjen hiene we bygelyks it kouwemantsje (wenne yn wat de Kouwen hjitte), Geart biezum (gemeentewurkman), Tinus par (grienteboer), Minze brij (molkboer), Jabik pet (hâlde yn tsjerke de pet op oant er te plak siet) en gean sa mar troch.

It binne lykwols net allinnich yndividuele persoanen dy't in bynamme hiene en hawwe. Fan sa'n 260 Fryske doarpen, stêden en buorskippen binne bynammen bekend. Of binne it dochs skelnammen? Want yn hiel wat gefallen giet it der rûch oan ta. Der is faak gjin wurd Frânsk by. Nim bygelyks de Workumers; dat binne 'brijbekken'. En Jousters binne 'keallepoaten'. No binne bekken en poaten wurden dy't in Fries ornaris net gau yn 'e mûle nimt. Mar it kin noch milder. Der binne ek beantsje-, dûmke- en koekefretters, stoep-, walsy- en weakskiters, fjurkemigers en einekoerskonten. In soad fan dy nammen binne al ieuwenâld. Al yn de 19^e iuw tekene de bekende Fryske skriuwer Waling Dykstra (1821-1914) pleatslike by- of spotnammen op. De measte binne troch de Fryske Akademy bewarre. Se binne ek werom te finen yn it Frysk Hânwurdboek.

(ferfolch op side 15)

UTSJE FRYSK SJONGKOAR SWOL

Wy giene dit jier as koar en belanghawwers/partners op'en paad op freed de 25ste fan 'e gersmoarne. Om njoggen oere stappe wy yn 'e bus en giet it nei Grou om yn it "Theehuis" te begjinnen mei in kopke kofje en oranjekoeke. De oranjekoeke is ús oanbean troch ús koarlid Gerrit Jellema en syn frou Janneke, om't se 55 jier troud binne. Dat wurdt tige wurdarre!

Op dit plak hawwe wy in moai útsicht op 'e Pikmar en it Prinses Margietkanaal. It waar is allinich wat fris, mar wy binne gesellich mei-inoar op'en paad en dan hindert it wat minder.

Nei dat lekkere kopke mei it smakelike stikje oranjekoeke stekke wy ôf nei Ljouwert.

By Tresoar wurde wy wolkom hjitten en geane wy yn twa groepen útien. Ien part bliuwt yn Tresoar en it oare giet nei it Historisch Centrum Leeuwarden. Mei in oere yn beide gelegenheden omstrune te hawwen, kinne wy ús opmeitsje foar de lunsj. Dat smakket wer goed en nei it lekkere iten wiksje de groepen.

It Historisch Centrum Leeuwarden is nijsgjirrich mei de histoaryske ynformaasje dy't jin foarlein wurdt. Moai âld guod, tekeningen, foto's ensfh. dat foar werkenning soarget by de koarliden. Hoe Ljouwert ta stân kommen is, hoe't it groeid is sa't it groeid is. En wat der allegearre feroare is. Moai om te sjen hoe't myn berteplak sa wurden is as it no is.

By Tresoar in prachtige, ynkringende tentoanstelling oer hoe't minsken bûten Fryslân yn de Twadde Wrâldkriich nei de provinsje moasten. Om yn Fryslân ûnderdak te krijen om't men troch de besetter twongen waard it hûs te ferlitten. Dat soks net samar gie, fertelden de ferhalen wol. Net elk gastgesin wie gastfrij, of aardich, of makke it oangenaam foar de frjemdling. Lokkich binne in protte fan dy ferhalen optekene, ek de positive. It is dúdlik in goede tentoanstelling, dy't it hiele ferhaal fertelt en net allinich it moaie. Mei it garjen fan 'e ferhalen koe men ek net folle langer mear wachtsje. It is al hiel wat jierren lyn en de minsken dy't de wrâldkriich oerlibbe hawwe, binne op in hege leeftiid. Yn it gearstallen is hiel wat tiid sitten gien. No't jo dit lêze, is de tentoanstelling lykwols net mear te sjen.

Hjirnei stappe wy wer yn 'e bus en no nei Stiens dêr't wy optrede sille yn "Skilhiem". Hjir is ek famylje fan inkelde koarliden om ús te hearren. Dat is altyd moai!

(ferfolch op side 4)

(ferfolch fan side 3)

It is wer in slagge optreden. De meisjongers wurde troch de minsken wer lekker meisongen. Ek as se de muzyk werkenne. Wat kin muzyk in protte yn in mins losmeitsje!



Nei dit slagge optreden stappe wy wer yn 'e bus. Op nei it waarm en kâld buffet yn *Het Anker* dêr't ek al guon sitte te wachtsjen om mei te iten. Net elk kin der mear sa'n hiele dei op út, mar dizze dei mei ôfslute wie wol mooglik. Ek sa kinst dan oan dizze dei meidwaan. As de bûkjes fol binne, nimme wy ôfskie fan inoar en hoopje inoar earne yn augustus wer te moetsjen by de simmermoeting.

Mochten jo ek sin hawwe oan sa'n útsje of just lekker mei ús te sjongen om 'e wike yn Het Anker?

Nim dan efkes kontakt op mei Jelma Wiegersma – jelmawiegersma@gmail.com (06-19506520) of Jolanda Lootens – jolandalootens@live.nl (06-47585240)

Jolanda Lootens

OFSKIE FAN LEDEN

Op 1 maaie 2025 is ús lid **Aukje de Boer – van der Sluis** ferstoarn. Jierrenlang wiene Hans en Aukje lid en kamen geregeldwei op ús jûnen en letter middeis. By it krystmiel yn desimber 2024 wiene hja der noch. Dêr hie Aukje o sa fan genoaten, sei Hans. Aukje mocht graach sjonge. Se hat lid west fan in koar yn Dalfsen en fan it Frysk Sjongkoar Swol. In lytse delegaasje fan it Frysk Sjongkoar Swol hat op Aukje har ôfskiedstsjinst songen. *'Moai om te dwaan en sa in moai mins in moai ôfskie te jaan'*, sei ien fan harren. Aukje is byset yn it grêf fan har âlden yn Oerterp.

Op 8 maaie 2025 is ús lid **Doet Eskens – Hoekema**, de frou fan ús eardere foarsitter en earelid Hein Eskens silger, ferstoarn. It ôfskie fan Doet hat yn lytse rûnte plak fûn.



Op 17 july 2025 is **Stoffel Haagsma**, earelid fan It Keninklik Frysk Boun om Utens, ferstaorn yn 'e âldens fan 100 jier.

'Nei in lang libben, fol oandacht foar alles fan tichtby en omfierrens ...'

Mei dy wurden begûn de roukaart dêr't syn ferstjerren mei buorkundich makke waard. De tanktsjinst foar syn libben waard hâlden op 26 july yn de tsjerke fan Wikel, it doarp dêr't syn widze stie.

Sneon 28 maart 2026 hâldt It Keninklik Frysk Boun om Utens syn jierlikse Algemiene Gearkomste by de krite 'Fier fan Hûs' fan Apeldoarn.

FREONEN FAN OMROP FRYSLAN



De Feriening Freonen fan Omrop Fryslân (FOF), is de stipersferiening fan de Omrop. It doel fan de feriening is it stribjen nei in goede publike Fryske Omrop foar radio en telefyzje. De FOF soarget foar ynformaasje oer Omrop Fryslân en stipet Omrop Fryslân by syn doelstellings en aktiviteiten. De FOF hâldt kontakt mei har leden fia it ledeblêd *Each en Ear* en/of in nijsbrief. Foar leden wurde ekskurzjes, lêzings, in jiergearkomste ensfh. organisearre. De ledebydrage is op syn minst € 9.-- yn't jier.

Wolle jo ek FREON wurde fan Omrop Fryslân?

Stjoer in e-mail nei freonen@omropfryslan.nl

Of folje op webside www.omropfryslan.nl/freonen it formulier yn.

NEITINS OAN DOET ESKENS - HOEKEMA

Op tongersdei 8 maaï 2025 is ús lid Doet Eskens – Hoekema ferstoarn, yn 'e âldens fan hast 98 jier. It soe bêst kinne, dat Doet ús âldste lid wie. De lêste jierren kaam Doet net mear op ús jûnen en middeis. Ien fan de lêste kearen, op in jûn yn *Urbana* sei se: 'It kopke wol net sa bêst mear.' Dat wie se har mar al te goed bewust en dat woe se fan harsels eins net sa ha. Doe't se aloan mear yn har eigen lytser wurdende wrâld fersyld rekke, soargen Sake en Annet Eskens (de soan fan ús eardere foarsitter en earelid Hein Eskens silger) foar in goed plak foar har, dêr't se de soarch krige dy't se nedich hie. Yn *Het Gastenhuis* yn Swol hat se it de lêste pear jier fan har libben goed hân en wie se tankber en tefreden. Op moandei 12 maaie hat de neiste famylje yn lytse rûnte ôfskied fan Doet naam. De ôfskiedsplechtichheid waard ûnder oaren oplústere mei it nûmer 'As it myn tiid is' fan Gurbe Douwstra. Dêrta ynspirearre troch ús jubileumgearkomste yn *De Weijenbelt*, sa't Sake fertelde.

Doet hat hiel lang lid fan ús selskip west. Yn it archyf komme wy har namme yn 1960 al tsjin. Doe spile se de rol fan it winkelfamke Elske yn it stik *De Reafin*. Letter wie se ynstekster fan ús eigen toanielploech. Jierren oanien wie Doet in fêst en betrouber beaken foar de spilers en spylsters. Dan siet se ûnder in kape midsfoar op it toaniel fan wat doe *Suisse* hjitte oan de Blijmarkt yn Swol. Har holle kipe krekt boppe de toanielflier út. Hiene de akteurs bytiden fan spanning it klamme swit op 'e rêch, Doet siet yn har hokje te fernikkelfjen want yn 'e winter wie't ûnder it toaniel glûpende kâld. Mar Doet joech gjin krimp. In tekken om 'e skonken en dan foel it neffens har wol wat ta. De spilers en spylsters wiene mar wat wiis mei Doet har stipe. Oant en mei 22 maart 1991 doe't de toanielploech yn *Odeon* mei it stik *Ald boartersguod* foar de lêste kear op 'e planken stie.

Doe't wy ús as selskip yn 1980 op de Hanzedagen yn Swol presentearren, diene wy dat yn Fryske kostúms. Nei dy earste kear stiene we in tal jierren op it strjitfestival en letter yn 'e tún fan it Provinsjaal Oerisels Museum oan de Melkmarkt yn Swol. Om't it hieren fan Fryske kostúms djoer wie, makke Doet mei noch in pear froulju trije nijmoaderige Fryske frouljuskostúms. Yn sa'n kostúm stie se sels ek wolris yn de kream by de iepening fan it simmerseizoen fan it POM.

Sa hat Doet yn al dy jierren hiel wat foar ús selskip betsjutten. Dêr tinke wy mei tankberens en in waarm gefoel oan werom.

Jan Bosgraaf

FERGEES TAGONG FOAR 2 MINSKEN OP 24 OKTOBER 2025

Dizze bon is foar minsken dy't foar it earst mei ús selskip yn 'e kunde komme en miskien wol lid wurde wolle.

(Dus **NET** foar famylje of goekunde út Fryslân of earne oars wei.)

Namme:

Adres :

Postkoade
en wenplak :

Tillefoannûmer:

E-mail:

Is/binne op 24 oktober 2025 **GAST** by it Frysk Selskip Swol.

Hy/sy hat/hawwe dizze bon krigen fan:

IT WINTERSKOFT 2025-2026

Nei de middei fan 24 oktober kinne wy útsjen nei it **krystmiel** op **tongersdei 18 desimber** yn *Het Roode Hert* oan de Hessenweg yn Dalfsen. De muzikale (kryst)omlisting wurdt fersoarge troch de Fryske trûbadoer **Adri de Boer**, bekend fan ús middei yn maart dit jier yn *De Weijenbelt*.

Freedtemiddei 30 jannewaris 2026 hâlde wy ús 'nijjiersgearkomste' yn *De Weijenbelt*. Lykas wenst mei kofje/tee mei oranjekoeke. **Sietske Poepjes**, boargemaster fan de gemeente Olst-Wijhe praat ús dy middei by oer har wurk en ûnderfiningen as boargemaster en eardere deputearre fan Fryslân. En ... kinne de oanwêzige leden mei in kwis blike litte wat se fan Fryslân witte (of net).

De lêste middei fan it winterskoft is op **freed 27 maart 2026** yn *De Weijenbelt*. By it gearstallen fan dit krantsje is de ynfolling fan dy middei noch net bekend.

**SET DE DATA YN JIM AGINDA OF SNOADFOAN.
DAN HOEGE JIM NEAT TE MISSEN.**

MIDSIMMERMOETING FRYSK SJONGKOAR SWOL

Op tiisdeitemiddei 12 augustus fûn de midsimmermoeting fan it Frysk Sjongkoar Swol plak yn de Rivierenhof te Swol. Yn 2023 en yn 2024 waard it ek al op dizze lokaasje hâlden. It moaie fan dizze lokaasje is dat ús leden Ans Wieling en Lida Groenland der ek by wêze kinne. Yn 2023 waard de moeting op freed 4 augustus kombinearre mei in optreden foar de bewenners, mar dat waard wol in hiele lange middei. Yn 2024 en 2025 is dat optreden dêrom nei foarren helle (yn 2024 wie it op 24 maaie en yn 2025 op 11 april). We ha lykwols dizze moeting ek songen. Ans stelde foar om in pear lieten te sjongen en hiel tafallich wiene de meisjongboekjes oanwêzich. We ha in stik as fiif lieten songen.

De midsimmermoeting wie goed fersoarge troch Han en Gerda fan de aktiviteitekommissje. Sa hiene we in lekkere fulde koeke by de tee/kofje. Letter koene we oan de Rivella of oar fris of bier of wyn (de keuze wie reuze!) en we



hiene der lekkere borrelhapkes fan de slachter by (en nûtsjes en tsiis). De opkomst wie goed; 25 minsken. Sûnt 6 july sitte der mar leafst fiif 90'ers by it koar en dy wiene der ek alle fiif by. We koene ferhalen

útwikselje oer fakânsjes (guon sels nei Kanada, oaren faak wat tichterby hús), oer bern, bernsbern en bernsbernsbern, oer al dan net nije brillen, oer grutte feesten (80 / 90 wurde en dat goed fiere), oer Fryske muzyk en wat al net mear. We sieten gesellich yn twagrutte groepen en sa no en dan stuts der ien oer nei de oare tafel. We songen it dizze middei en fielden it ek sa: want sinne en wille is mear as jild (it bosk en iepen fjild ûntbrutsen, mar dat makke de wille net minder).

Op freed 12 septimber binne we wer útein set mei de repetysjes. Kom ris del en doch mei!

Mei groetnis,
Jelma.Wiegersma

WOLKOM BY 'DE FOLKS'

Freed 23 juny krige de Folkshegeskoalle op Skylge in nije namme: **De Folks**. Wêrom dizze feroaring? Direktur Akkie Feenstra jout it antwurd. *'De tiid is feroare en wy feroarje mei. De âlde namme wie prachtich, mar wie foar in soad minsken lestich út te spreken of te begripen – benammen foar wa't it Frysk net machtich is. Mei 'De Folks' kieze wy foar in namme dy't noch altyd ús Fryske woartels earet, mar ek letterlik 'minsk' betsjut yn it Ingelsk. It is in útnûging: elkenien is wolkom, likefolle eftergrûn, leeftyd of taal, oftst no fan it eilân komt, fan fier fuort, jong bist of wat âlder, mei in húshâlding of lekker solo. Us doarren steane altyd iepen, seker yn de wintermoannen wannear't wy bygelyks De Tafel om East organisearje. Wy bliuwe fansels romte bieden foar alderhanne gearkomsten, kursussen en eveneminten. Mar wy geane ek fierder: mear Frysktalich oanbod, mear ferbining mei ús roots en duorsumens yn de breedste sin fan it wurd, leafst mei lokale aanbieders. En as wy it oer ferbining hawwe, tink ik oan de tekst dy't yn ús mienskipromte It Bopperom hinget: 'Ik hoopje dat jou begryp greater is as myn tekoartkommings'. Krekt no is dat boadskip aktueler as ea. Ferbining en begryp fan wjerskanten binne wichtiger as de ferskillen dy't ús soms lykje te skieden. De Folks is in plak dêr't tradysje en fernijing hân yn hân gean. Dêr't elkenien wolkom is om te learen, te dielen en foaral ek te genietsjen.*

De ûntbleating fan de nije namme kaam spitigernôch flak nei it ferstjerren fan Betze Stienstra. Betze en Jantsje Stienstra wiene 33 jier lang it gesicht en gewisse fan de Folkshegeskoalle en ek tige wurdearre aktive eilanners. Hja wiene de grûnlizzers fan de Folkshegeskoalle sa't dy no is. Dochter Jaeike, hikke en tein yn de bunkers fan de Folkshegeskoalle, hat de oanwêzigen in ynsjoch jûn oer hoe't dêr eartiids it libben wie. Ek Tjitte Piebenga, soan fan Jan Piebenga, dy't by de oprjochting belutsen wie, fertelde oer de omstannichheden yn de earste jierren: sels dyn servysguod meinimme en in sloop folje mei strie as matras. Ald-direkteuren Klaske Jaspers en Amarins Geveke mochten de nije namme ûntbleatsje.



Boarne: Nijsbrieff fan 'De Folks'

FRYSK YN STEE FAN A.B.N

Kommunikaasje yn it Frysk is trochgeans folle koarter as yn it Algemien Beskaafd Nederlânsk. Frysk brûke as fiertaal yn fergaderingen hat dan ek in soad foardielen. Bygelyks gâns minder kostbere fergadertiid, in better begryp, koartere oantekens (notulen) en neam mar op.

In pear foarbylden:

Hierbij verklaar ik de vergadering voor geopend.
giet oan! *Wekker wurde!*

Wil jij vandaag de notulist zijn? *Skriuwsto?*

Ik denk niet dat deze opmerking significant bijdraagt
aan het gespreksonderwerp. *Unsin!*

Ik zou je graag uitnodigen voor een gesprek onder
vier ogen. *Giest mei nei bûten?*

Jouw lijn van redeneren lijkt mij van iedere logica gespeend. *Flauwekul!*

Dan wordt nu de koffie geserveerd. *Gjin bearenburch?*

Ik hoop niet dat jij problemen hebt met mijn functioneren. *Hast wat?*

Jouw voorstel lijkt mij voor dit bedrijf geen resultaten
op te leveren. *Do bist net wiis.*

Kunt u uw medewerkers op deze nieuwe regel attenderen? *Sis it dy lju ris.*

Hetgeen u mij zojuist meedeelde, was mij niet geheel duidelijk. *Watte?*

Excuseer mij. Ik moet even een telefoontje plegen. *Ho! Efkes belje.*

Dan is het nu tijd geworden voor de rondvraag. *Ha jim noch wat?*

De vergadering is bij deze gesloten. *Wy geane nei hûs.*

Sa besjoen hat in Fries 71% minder wurden nedich om itselde te sizzen as in Hollanner.

Nachtlûd

*Se sei: ik ha de guozzen heard.
Sjoen hoe't se troch de dize farre.
Hoe't se yn langstme nei har bertegrûn
de dea en dringingen beswarre.*

*Ik ha de guozzen heard.
Ik ha de guozzen heard.
De holle yn 'e wolken hân.*

Sânman & Sikke
Tekst: Aggie van der Meer



It **Frysk Sjongkoar Swol** sjongt al mear as tweintich jier mei in soad nocht en wille bekende en minder bekende Fryske lieten. Elk dy't sjonge wol, kin lid wurde. Men hoecht net lid te wêzen fan it Frysk Selskip Swol. Men hoecht de Fryske taal net iens machtich te wêzen. As der mar yn it Frysk songen wurdt!


Sa no en dan fersoarget it koar in optreden yn Swol of earne oars. Ienris yn't jier hawwe de leden in útsje nei Fryslân. Neist it opsnuwen fan in stikje kultuer of histoarje, sjongt it koar dan yn in fersoargingshûs. Yn 'e simmer komme de leden byelkoar foar in gesellige midsimmermoeting.

Freedtemoarns om 10.00 oere repeteart it koar yn it Moetingssintrum 'Het Anker', Voorsterweg 36, 8042 AD Zwolle (Westenholte). Elk dy't fan sjongen hâldt is fan herte wolkom by it koar. Want sjongen ferbynt minsken en makket minsken bliid. Net allinne de sjongers. Ek de taharkers.

Kenne jo immen, dy't graach sjonge mei, trúnje him/har dan oan om ris nei in repetyse te gear. Dat jout fierders gjin ferplichting.

Nim foar mear ynformaasje kontakt op mei ien fan dizze minsken

Douwe Boersma	foarsitter	0523 656802
Simon Galema	skriuwer	06 51562533
Jolanda Lootens	ponghâlder	06 47585240
Jelma Wiegiersma	diriginte	06 19506520



Freed 24 oktober 2025 14.00 oere (ynrin fan 13.30 oere ôf) yn 'De Weijenbelt'

Campherbeeklaan 82, Zwolle

LEDEGEARKOMSTE FRYSK SELSKIP SWOL

WURKLIST:

1. Iepening en meidielings
2. Ferslach fan de ledegearkomste fan 25 oktober 2024 (*sjoch it twadde krantsje 2024/2025*)
3. Jierferslach 2024-2025 fan de skriuwer (*de fjouwer krantsjes en nijsbrieven fan 2024-2025*)
4. Jierferslach 2024-2025 fan de ponghâlder (*is middeis beskikber*)
5. Ferslach fan rekkenopnimmers Jaap van Slageren en Jan Eppinga
Jaap van Slageren is ôfgeand. Reserve-rekkenopnimmer is Piet Minnema.
6. Beneaming fan in nije reserve-rekkenopnimmer.
7. Bestjoersferkiezing
Sjoerd Bakker, Jan Bosgraaf en Jan Tjerk Kuipers binne ôfgeand en op 'e nij foar trije jier yn te hieren. Beswieren en/of (tsjin)kandidaten kinne foar 24 oktober 2025 yntsjinne wurde by de skriuwer.
8. Winterskoft 2025-2026
freed 24 oktober 2025.
tongersei 18 desimber krystmiel mei de Fryske trûbadoer Adri de Boer yn Restaurant 'Het Roode Hert', Hessenweg 41, Dalfsen.
freed 30 jannewaris 2026 nijjersmiddei mei Sietske Poepjes, boargemaster fan Olst-Wijhe en in kwis oer Fryslân
freed 27 maart 2026 moat noch
9. Ynlage foar it winterskoft 2025-2026
It útstel is om de ynlage fan € 38.-- de man/frou net te ferheegjen.
10. Begrutting fan it winterskoft 2025-2026 (*is middeis beskikber*)
11. Rûnfraach
12. Sluting



Nei ôfrin fan de ledegearkomste is der in moai optreden fan it



dat sûnt freed 12 septimber wer yn 'Het Anker' (Zwolle-Westenholte) repetearret. De meiwurking fan it koar by de ledegearkomste en om de pear jier ek by it krystmiel wurdt tige op priis steld.

Nei it optreden fan it koar is it wol tiid foar in drankje en hâlde wy efkes skoft.

Ta besluit fan dizze earste middei fan it winterskoft 2025-2026 fertelt **Jan Bosgraaf** oer it wurk en syn ûnderfiningen as 'trou-amtner', offisjeel bûtengewoan amtner fan de boargerlike stân (koartwei: babs) yn Swol en Staphorst.



EN ... DER IS DIZZE MIDDEI IN FERLOTING MEI MOAIE PRIZEN !!!